

Opdracht D

1. Ferbetterje de folgjende sinnen. Lis út wêrom't de ferbettering nedich is.

- a. Litte wy bidde.
- b. Is dat de hûn wêr't er altyd mei rint?
- c. Hast it al regeld?
- d. Ik hoop dat wy moarn gean dûnsjen.
- e. Hast syn telefoannûmer no alwer fergeffen?
- f. Wat giesto dwaan?
- g. Litte wy der no mar oer ophâlde.
- h. Sille wy mar gewoan bliuwe dwaan?
- i. Hasto syn nije adres opskreaun?
- j. Us blauwe Pandaatsje moat foar de APK.

2. Set de ûndersteande sinnen oer yn goed skriuwtaal-Frysk.

- a. Hier heb je de hamer waarover ik het had.
- b. Ik weet niet waar het ligt.
- c. Dat is het boek waar we in bezig waren.
- d. Ze zat op het bankje waar pake ook altijd op zat.

3. Sjoch paragraaf 4.5.6 fan Popkema. Binne der saken dy'tsto yn dyn Frysk oars dochst as hoe't Popkema it beskriuwt?

4. In learling komt yn in boek de ûndersteande sin tsjin:

"Jan wie in ôfgrysliken swetser."

Hy freget dy: "Is it net gewoan *ôfgryslike*, sûnder *-n*? Is dat in typflater?"

Wat seisto tsjin him?

5. "Se waard rare kjel, want dy jonges makken in heisliken kabaal."

Wêrom krijt *raar* in *-e* en *heislik -en*?

6a. Wêr yn Fryslân wurdt 'de bosk' ynstee fan 'it bosk' sein tsjin in stik grûn mei in soad beammen? Hoe komt it dat dêr in ferskil bestiet?

b. Hokker lidwurd fynst yn de measte learmaterialen? Wêrom?

7. Folje it korrekte foarnamwurd yn:

- a. De gemeenterie hat yn ... wiisheid besletten dat de winkels sneins ek iepen meie.
- b. Men freget ... soms ôf oft dy jonge syn ferstân wol hat.
- c. Pake en beppe hawwe ... auto ferkocht.
- d. Yn de noardlike Wâlden wurdt foar 'sij' of 'sy' ek wol '...' of '...' sein.
- e. Wy skrokken, want al ... koffers stienen noch op it perron.